

Taspraak Johannes Kramer

Nijjiersgearsit FNP, 3 jannewaris 2015 yn Post Plaza, Ljouwert.

NB De sprutsen tekst jildt !

Bêste Minsken, leave freonen en freondinnen,

Alderearst ek út namme fan my, Christina en de bern, de steatefraksje, de meiwurkers en alle kandidaten foar de Fryske Steaten, It Wetterskip en de Earste Keamer yn 2015 in alderbalderboppenst en bêst nijjier tawinske!

Ik winskje jimme east en meast sûnens ta, mar ek boppe-al in Frysk en Frij 2015 ta. Want 2015 wurdt in wichtich jier. 2015 wurdt in krúsjaal jier. Foar de wrâld, foar Europa, Foar Nederlân en ek foar Fryslân.

De minsken hawwe ferwachtings en hope, mar de minsken hawwe ek noed en soargen. Hoe komt it mei de soarch op it plattelân as ik, ús heit en mem of myn bern dêr oan ta binne? Kin myn bern aanst noch wol studearje? Is myn baan kommend jier ek noch wis? Hoe komt it mei de wynmûnen? Hoe komt it mei ús gea? Komme hjir ek ierdbevings? En wat dogge wy dêr dan oan?

Dat binne fan dy fragen dy't elts him yn dit lân stelt. Dat binne de fragen dy't spylje sille by de kommende Steateferkiezings op 18 maart. En, om't de Steaten de Earste Keamer kieze, ek in streekrjochte relaasje mei polityk Den Haag.

Hat Polityk Den Haag noch wol in antwurd foar de minsken? Kin de Haagske polityk noch wol oeral in oplossing foar biede?

Den Haag regeart net, mar reageart. Op de lêste peilingen, it earste tweetsje of it folgjende optreden yn De Wereld Draait Door.

Den Haag is sjende blyn en hearrende dôf foar de soargen fan de minsken. Skaalfergrutting en marktwerking binne yn de ôfrûne jierren fan boppen ôf oer ús hinne getten. Skaalfergrutting en marktwerking hawwe harren útwurking net mist op ús mienskip en it betrouwen yn de polityk yn Den Haag. Skaalfergrutting en marktwerking hawwe ús, it folk, de sizzenkip ûntfytmanne.

As it no giet om de gemeenten, de sûnensoarch, de wenningkorporaasjes, it iepenbier ferfier, de Fyra, de gaswinning, oeral sjogge wy de pynlike foarbylden. En ja, se hâlde dan altyd as wizânsje in parlemintêre enkête, mar feroaret der dernei ek echt wat?

Bêste freonen,

sjoch nei de Sionsberg en wat dêr bart is.

Polityk Den Haag hat yndertiid keazen foar de marktwerking yn de Soarch.

Alle partijen, VVD, CDA, PVV en PvdA hawwe dêr yn de foarôfgeande kabinetten altyd goed fan sein.

De soarchfersekerders binne no baas. De managers regearre. En sa lang as de ekonomy groeit en bloeit, is der neat te rêden, de managers rêdde der wol mei, jild genôch. Mar no't der besunige wurdt en keuzes makke wurde moatte, dan folstiet net inkeld mear it mar ferwiizen nei de sifers.

De minsken wolle witte wêrom as harren sikehûs no sletten wurdt. De minsken wolle witte wa't ferantwurdlik is en wa't noch it stjoer yn hannen hat. En de polityk kin him en mei net langer foar de boargers ferskûlje achter de soarchfersekerders. Wy betelje dôchs belestingen en fersekeringspreemjes. Meie wy dan ek der wat oer te sizzen hawwe? Wy bin de boargers, meie wy dêr dan ek noch wat fan fine?

En De Sionsberg moat rêden wurde. Foar Noard East Fryslân, foar in gebiet dat al te krijen hat mei Krimp en stadige efterútgong. Mar ek foar oare parten fan ús moaie Fryslân is it wichtich dat sûnensoach besikber en berikber bliuwt. Dat der foldwaande ferpleechhuzen foar ús âlderein en de minsken dy't harren sels net rêde kinne. Net inkeld yn Dokkum, mar ek yn Harns, yn Snits, it Hearrenfean, Drachten en yn alle oare plakken fan Fryslân dêr't de minsken der no noch op betrouwe kinne.

Dêrom freonen, in referindum.

Yes in referindum!

In referindum yn hiel Fryslân oer de fraach oft de provinsje sizzenkip krije moat oer de sprieding, de berikberens en de beskikberens fan de soarch yn Fryslân. Ús ynstek: de provinsje baas, de soarchfersekerders oan it tsjoar en de boargers wer gerêst!

En wy stopje net as wy it foech oer de sûnensoarch weromkrigen hawwe. Want ek by de folkshúsfesting, de wenningkorporaasjes is it fierhinne út e klauwen rûn.

En wêr't Den Haag it ôfwitte lit, dêr moatte wy der mei rêde.

Wêr't Den Haag it fuortbesuniget, dêr bliuwe wy as FNP ynfestearjen yn ús mienskip.

En wer't Den Haag fan boppen ôf opskaalt en privatisearret en dêrmei de mienskip en de minsken op ôfstân set, dêr bliuwe wy as FNP ynfestearjen mei ús mienskip. Fan ûnder op.

Sa't eartiids sein waard: jou de Afrikaan in fisk en hy hat foar in dei iten, jou him in angel en hy kin in hiel jier foar himsels en syn famylje soargje, sa kinne wy no sizze: jou de Fries minder burokrasy en minder managers en jou him mear romte, mear frijheid en hy kin him better rêde.

Sjoch nei wat ús tredde kandidaat foar de Senaat: Cees van Mourik dien hat op e Gastmer om de skoalle dêr oer ein te hâlden. En sjoch nei wat ús FNP

riedslid Rikus Sinnema mei syn bedriuw Idesta docht en wêr't yn de soarch de gatten falle, om mei lytskalige inisjativen fan ûnder op dy oerein te hâlden. Sjoch rûnom nei de inisjativen om leefberens op it eigen doarp te hâlden.

Wy wolle ynfestearje yn in leefber plattelân en yn in takomst foar eltsenien. Ald en Jong, Ryk en Earm.

Wy wolle de kommende fjouwer jier yn eltse streekaginda regio fan Fryslân 20 miljoen per regio ynfestearje, 5 miljoen per jier. Foar eltse regio jild en mooglikheden om te kiezen. Om mei gemeenten, bedriuwen en boargers te besjen wêr't yn dat gebiet it meast ferlet fan is.

Foar Noad East soe dat Holwerd oan See wêze kinne, mar ek oare inisjativen, fan ûnder op.

Foar Noard West lizze der plannen foar de Waddenroutes om de ekonomy en it gebiet dêr te stimulearjen, dat sa bot te lijen hat fan de sâlt en gaswinning.

Foar Súd East sjogge wy nei de Stellingwerven, om dat prachtige en unike gebiet noch sterke op e kaart te setten foar aktive deirekreaasje en natuerbelibbing. En foar Súd West sjogge wy kânsen foar de Iselmarkust

Mar op 18 maart giet ek om ús Earste Keamer: keazen troch de Steateleden en bedoeld om wetjouwing fan de Twadde Keamer te hifkjen op juridyske, bestjoerlike en maatskiplike konsekwinsjes.

Mar no't de Earste Keamer it kabinet de foet dwers sit, wol men en VVD en PvdA foarop de Earste Keamer passeare en it leafst ôfskaffe. En inkeld mar omdat de Earste Keamer syn wurk gewoan goed docht.

En dat noasket de hearen net. En dêrom wol men om de nije Soarchwet der troch te drukken, in wet dy't rammelt en rattelt oan alle kanten, mei ferlechjes en trúkjies de Earste Keamer bûtenspul sette.

Mar aldergelokst binne der dan noch politisy as ús OSF Senator Cees de Lange dy't hoek hâldt en yn de Earste Keamer syn eigen ôfwaging makket. Want dêr is hy foar ynhierd as senator en net om as klapfee te tsjinjen foar de politike hantsjebaksels fan Samsom en Rutte.

Mar De Lange komt nei 18 maart net werom yn de Earste Keamer. Mar ús eigen Hindrik ten Hoeve hope wy al. As ûnôfhinklik Earste Keamerlid komt hy op foar de Earste Keamer, foar Fryslân mar ek foar alle ynwenners fan Nederlân.

Want ús demokrasy hat ferlet fan Earste Keamerleden as Hindrik.

De Friezen en dizze provinsje hawwe ferlet fan in stabyl regear, dat liederskip toant en keuzes makket, dat harket nei de befolking en saken ferbettert.

En wy hawwe al hielendal gjin ferlet fan in PVV. Fan in Geert Wilders dy't allinich mar minsken tsjin in oar opset, dy't inkeld mei beskuldigingen en noait mei oplossingen komt. In PVV dy't nei hertelust en op kosten fan de belestingbeteller mar splitst en kreaut en docht.

We hawwe ferlet fan in regear dat de demokratyske prinsipes neikomt en net inkeld yn it sizzen, mar de Earste Keamer respektiert en net passeart.

De FNP stiet foar in bestjoer dat tichtby de boarger stiet, dat berikber en beskikber is. Sa'n bestjoer hawwe wy yn ús eigen provinsje. Ús eigen provinsje behâlde, mei foech en middels fuortsterkje.

Wy wolle as FNP sa'n bestjoer stâl jaan, in bestjoer dat útgiet fan ús prinsipes Neisteleafde en Solidariteit, Soarch foar de Mienskip en Earlik diele.

Wy hawwe de ôfrûne fjouwer jier sjen litten dat wy in betroubere koalysje partner binne. Wy hawwe mei jim op 13 desimber mei inoar fêststelde kinnen dat wy in protte beskrypt hawwe. Wy hawwe bestjoerd, wy hawwe ferantwurdlikheid naam.

Wy binne net krekt as it CDA binnen 6 wiken trije kear fan stânpunt feroare as it om de wynmûnen gie. Earst alles op it lân, doe mei it kolleezje mei en doe ynienen alles op 'e Ofslútdyk. It sil wol mei it ûnderwerp fan dwaan hawwe, dat se sa faak draait binne.

Wy hawwe fêstholden oan wat wy mei ús yn 2010 fêststelde kiezers beloofd hawwe: gjin nije wynmûnen op it lân. En 2011 hawwe wy dat fêstlein yn ús

koalysje akkoord yn. En hawwe fêsthouden oan wat jim ús op 11 oktober yn Wirdum meijûn hawwe: gjin Fryslân foar de Wyn en fêsthâlde oan it koalysje akkoard.

En dêr sille wy oan fêsthâlde. Gjin nije wynmûnen op it lân en dêr't it kin opromje en saneare!

En dat referindum oer de wynmûnen? Dat referindum komt der al en dat is op 18 maart 2015. As jo tsjin de yndustrialisaasje fan ús lânskip binne, stim dan op 18 maart op 'e FNP: Minder wynmûnen, mear Fryslân!

Beste Freonen, as FNP hawwe wy nei 18 maart in sterk ferhaal foar alle minsken dy't mei fragen, mei noeden en soargen sitte.

Wij kieze net foar Den Haag en syn babbelegûchjes, wij kieze foar Fryslân en in earlik ferhaal .

Yn de Mienskip en mei de Mienskip ynfestearje

Wat Friezen sels dogge, dogge se better!

Dêrom freonen, helder op nei 18 maart dan wurde wy de grutste partij fan Fryslân: Minder Den Haag, Mear Fryslân!